



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

De dingen by de namme neame

Sijens, H.

published in

Friesch Dagblad

2012

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Sijens, H. (2012). De dingen by de namme neame. *Friesch Dagblad*, 13-10-2012.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

De dingen by de namme neame

Troch Hindrik Sijens

Hoefolle *Culex pipiens* hawwe jo fan't simmer yn jo sliepkeamer deaslein? En hawwe jo ek argewaasje fan de *Bellis perennis* dy't it egale grien fan jo bleekje fersteurt? Giet it hjir om eksoatyske bisten en planten dy't troch it opwaarmjen fan it klimaat ús kontreien opsykje? Net hielendal, de *Culex pipiens* is de *stekneef* (Nederlânsk *mug*) en de *Bellis perennis* hjit gewoanwei *kowebloemke* (*madeliefje*). Beide útwrydske wurden binne de saneamde wittenskiplike namme foar dy ynsekten- en plantesoarten. Biologen en oare leafhawwers oer de hiele wrâld witte by it gebrûk fan dy nammen wêr't it oer giet. Se steane los fan de nammen dy't bisten of planten yn de lâns- of streektaal hawwe.

Noch in reden om in wittenskiplike namme te kiezen, is dat yn in taal faak mear nammen foar ien en deselde soarte brûkt wurde. En sa'n namme wurdt soms ek noch wer foar oare planten of ynsekten brûkt. Tsjin de al neamde *stekneef* wurdt yn it Frysk bygelyks ek wol *langpoat* sein. Mar de namme *langpoat* is ek wer de namme foar in net-fleanend spineftich bist dat ek wol *beanwein* hjit. En it is in namme foar in ûnbehelperich fleanend ynsekt mei poaten fan wol 3-4 sintimeter (*Tipula maxima*). En dat lêste bist hat wol wer tsien oare Fryske nammen: *joustermerkefeint*, *langbonke*, *langpoatmich*, *langskonke mich*, *langskonkemich*, *rienster*, *rienstermerke*, *rienstermerkeman*, *rienstermerkemich*, *rienstermerkereizger* en *skriele hâns*.

Dat der sa'n fariasje oan nammen foarkomt hat faak as reden dat elk plak of gea syn eigen namme jout. Dat kin bygelyks sjoen wurde oan de al neamde *joustermerkefeint*. Dy namme sil grif yn de omkriten fan 'e Jouwer ûntstien wêze en net yn Kollumersweach of Drachten. Foar it *kowebloemke* besteane ek gâns Fryske farianten, faak allinnich gongber yn in beskate hoeke fan Fryslân: *skieppeblom* meast yn it súdwesten, *teebloemke* yn de Lege Midden, *finneblom* yn it noarden en *kowebloem* yn it sintrale en eastlike part fan Fryslân. Yn it Nederlânsk hat dit plantsje ek mear as ien namme. De meast bekende is wol *madeliefje*, mar dêrneist besteane oantsjuttingen as *meizoentje*, *meibloem*, *weidebloem*, *koebloem*, *landbloem*, *margriet*, *paasbloem* en *meelzoet*. Foaral it easten fan Nederlân (Oerisel, Gelderlân) brûkt *meizoen*. *Madelief(je)* is gongber yn it westen (Hollân, Utert) en ek yn Drinte. Yn Drinte sizze de lju ek *meibloem*, dat dêrneist ek foarkomt yn de oare eastlike provinsjes fan ús lân. De neamde nammen binne dan de meast frekwinte, mar pleatslik besteane der tsientallen oare farianten: *bleekbloem*, *boddelif*, *boterbloem*, *brinkbloem*, *dijkbloem*, *goddelief*, *grasbloemetje*, *kerkehofbloem* ensfh.). En om it noch dreger te meitsjen: ús *kowebloem* is yn it Frysk ek noch de namme foar *reade* en *wite klaver* en foar *see-gers*. En *see-gers* is wer de namme foar de *gersanjelier*, foar *kweldergers* en de *see-aster*. En mei fûgels is it oangeande de nammen net oars: de *bûnte hyster* hjit ek wol *grauehyster*, *gasthyster*, *oastmantsje*, *sjonghyster*, *túnhyster*. Yn Amsterdam is it makliker, dêr ûnderskiede se mar twa soarten fûgels: *sijssies* en *drijfsijssies*. Soks mei dan wittenskiplik net ferantwurde wêze, mar dúdlik is it wol.

Friesch Dagblad 13-10-2012